

# JIERFERSLACH 2015



## **Jierferslach 2015**

### **Ynlieding**

Dit jierferslach is basearre op de produktbegutting 2015.

It ferslach is krekt as de produktbegutting opsplitst yn in oantal taakfjlden dy't hjirûnder ôfsûnderlik beskreaun steane:

1. De bedriuwstaak;
2. De Kolleksjetaak;
3. De publykstaak.

## De bedriuwstaak

<b>Produkten</b>	
<b>Bestjoerstaken:</b>	<p>De direksje hat as taak it frijwillige bestjoer wêr mooglik te stypjen yn de bedriuwsfiering. Dit betrefert fertsjintwurdiging nei bûten ta, agindearring en it tarieden- en útwurkjen fan gearkomsten, korrespondinsje ensf..</p> <p>Oer it jier rekkene ha der 9 bestjoersgearkomsten west en in tal ynformele oerlizen.</p> <p>Twa kear hat der in oerlis west mei de direksje fan it Fryske Gea. Ien kear is der bestjoerlik oerlis west mei it provinsjebestjoer (deputearre) en fiif kear mei amtners.</p>
<b>Cultural Governance</b>	<p>Cultural Governance</p> <p>It bestjoer ha yn 2008 de code cultural governance fêststeld en hat dêr yn 2015 ek wer nei hannele.</p>
<b>Kantoar en korrespondinsje</b>	<p>Hjirûnder wurdt ferstien wurk dat te krijen hat mei de organisaasje, lykas de administraasje en korrespondinsje ten behoeve fan de útfiering fan de algemiene museumtaken.</p> <p>Derneist is tiid bestege oan regulier kantoarwurk.</p>
<b>Beliedsplan</b>	<p>It yn 2012 skreaune beliedsplan is aktueel foar de perioade 2013-2016.</p>
<b>Produktbegrutting</b>	<p>It meitsjen fan in nije produktbegrutting 2016. Derby hearre û.o. oerlizen mei kollega's, amtners fan de provinsje en boekhâlder.</p>
<b>Boekhâlding</b>	<p>Wat de finansjele saken oanbelanget is dit it dwaan fan betellingen en it boeken fan rekkeningen. Fierder wie der regulier oerlies mei de accountant omtrint boekhâlding en jierferslach. De accountant (Flynt) hat wer de boekhâlding dien.</p>
<b>Winkel</b>	<p>It dwaan fan bestellingen foar de winkel, foarriedbehear en finansjele ôfwikkeling nei it Fryske Gea ta.</p>
<b>Represintaasje</b>	<p>De direksje wie oanwêzich by in tal gearkomsten wêrûnder de jierfergadering fan de AFRON, de Boerderijstichting, OMTV, Friesch Genootschap, O.K.S., provinsjale gearkomsten, it Museumkongres en 3 kear in gearkomste fan it Agrarysk Wurkferbân dêr 't de direkteur skriuwer fan is.</p>
<b>Personiel</b> <b>2</b>	<p>Foar wat de personielsoangelegenheden oangiet binne de folgjende wurksumheden útfierd: it byhâlden fan in oereferantwurdiging, oerlis, funksjonearringspetearen en saken om arbeidsvoorwaarden en pensjoenssaken hinne.</p>
<b>Frijwilligers</b> <b>60</b>	<p>De begelieding fan sechstich frijwilligers dy't harren dwaande hâlde mei balybehear, ûnderhâldswurk, biblioteek en registraasje. Benammen de planning fan de frijwilligers kostet in protte tiid.</p> <p>Yn 2015 ha wy twa (maart en novimber) frijwilligersgearkomsten</p>

	<p>organisearre. Yn de bylage in útsplitsing en ek wat dat oan jild útsparret.</p>
<b>Kantine</b>	<p>De kantine wurdt troch alle partijen yn it gebou brûkt. De wurksumheden betrefte ynkeap artikels, ûnderhâld fan apparatuer ensf..</p>
<b>Netwurkjen</b>	<p>Yn 2015 is trochgien mei it lizzen fan kontakten t.b.f. de opbou fan it netwurk fan partijen dy't konneksjes ha mei de lânbouhistoarje: lykas Afron, Tresoar, kollega musea, Open Luchtmuseum, Zuiderzeemuseum, Griene Nêst, Boerderijenstichting, Sien, Borg Verhildursum, en it C.A.F. yn Belgje. Mei de kollega's fan Fries Museum, Fries Scheepvaart Museum en Natuurmuseum is der in regelmjittich direkteuren oerlis.</p>
<b>Behear gebou</b>	<p>It museum leveret per wike 6 oeren konsjerzjetaken oan It Gea . Dat giet om it útfieren fan behear en ûnderhâld oan gebou en ynterieur en ûnderhâld fan de tún. Elk jier gean der oeren yn sitten ten behoeve fan kontrôles en oerlis mei de respektiflik bedriuwen (u.o. de alarmmearing mei trochmeldings nei in alarmsintrale ynklusyf brântrochmelding. De wurknimmers ha wer de jierlikse BHV (werhelling) kursus folge.</p>

## De publykstaak

<b>Produkten en oeren</b>	
<b>Gasthearskip</b> <b>12.000 besikers</b> <b>35 groepen</b>	<p>De iepeningstiden yn 2015 wiene:</p> <p>April – novimber: alle dagen 10:00 – 17:00 oere en de fakânsjes.</p> <p>Ek op ôfspraak wiene wy iepen.</p> <p>Der ha yn totaal skraachwurk <b>11.000</b> besikers west, hast like folle as yn 2014. It besikersoantal is sadwaande stabyl te neamen. Folle leger wiene de bus- en rûnfeartrúppen en in leger oantal besikers op de Trekkerdei (min waar).</p> <p>Yn de bylage stiet de fierdere útwurking.</p> <p>It gasthearskip bestiet út it ûntfangen en begelieden fan groepen. It museum hat yn 2015 sa'n 35 groepen binnen de doarren hân.</p> <p>Fia ús website kinne minsken yn de kunde komme mei ús museum. Sa'n 37.000 kear binne de pagina's besjoen.</p> <p>Fia in Publyksûndersyk krije wy in aardich byld fan hoe't de minsken it museum fine.</p>
<b>Publyksûndersyk</b> <b>1</b>	
<b>Fêste eksposysje</b> <b>1 x</b>	<p>Fan 1 april oant en mei 31 oktober wie de fêste eksposysje iepen foar publyk, sân dagen yn 'e wike. Fierders op ôfspraak.</p> <p>Yn de eksposysje binne wer in stikmannich gruttere ûnderhâldswurksumheden útfierd.</p>
<b>Wikseleksposysjes</b> <b>4 x</b>	<p>Der ha 3 wiksel-eksposysjes west:</p> <ol style="list-style-type: none"> <li>1. KI- 80 jier keunstmjittige Ynseminasje (y.o.m. de Afron);</li> <li>2. De Leafde foar de Ljip;</li> <li>3. Foto eksposysje 'Nôt';</li> <li>4. Eksposysje Frits Klein, de heit fan it kartoon Gurbe út de LC;</li> </ol>
<b>Eveneminten en Demonstraasjes</b> <b>8 x</b>	<p>Yn de maitiidsfakânsje hat it museum fjouwer berneteatermiddeis organisearre;</p> <ol style="list-style-type: none"> <li>1. De "Pake en Beppe dagen" yn de maitiidsfakânsje wiene in sukses mei hast 1.000 besikers;</li> <li>2. De Iepen dei, - museum wie fergees iepen-, fan It Fryske Gea hat 1.500 besikers opsmitten;</li> <li>3. De Trekkerdei op 06 july luts 300 minsken, minder as oare jierren;</li> <li>4. Hjerstfakânsje berneteater</li> <li>5. Yn de krystfakânsje hat 8e Friese Miniaturenmerk (27 des.) west, mei sa'n 620 besikers.</li> </ol>
<b>Public Relations en promoasje</b> <b>30 x</b>	<p>Sa gau der wat te melden is, wurdt der in parseberjocht oan wijd. It museum wol as it heal kin om de twa wiken yn it nijs wêze. En dat slagget oer it generaal.</p> <p>Omdat de budzjetten tige krap binne, wurdt der benammen ynspiele op free-publicity .</p> <p>Yn 2015 is in nije publyksfolder (40.000 eks.) makke en ferspraat nei mear as 350 adressen yn Noard-Nederlân.</p> <p>Wy dogge mei oan de "minicards"</p> <p>De spesjaal makke trekkerkrante (25.000) eks. is yn in grutte krite om Earnewald</p>

	<p>hinne ferspraat. De besteande website wurdt elke wike ûnderholden en aktualisearre. Fierders is it museum aktyf wurden aktyf op</p> <ul style="list-style-type: none"> <li>• Facebook</li> <li>• Twitter</li> <li>• Google+</li> </ul> <p>De elektroanyske nijsbrief giet nei hast 2.000 e-mailadressen.</p> <p>It doelgroepbeleid is fierder útwreide: û.o. mei kleuters en beukers. Fierder wie der al in sterk toeristysk oanbod (sjoch hjirûnder).</p> <p>It museum hat mei in grut tal partijen arranzjeminten:</p> <ol style="list-style-type: none"> <li>1. mei it ynpannige restaurant;</li> <li>2. mei it Skutsjemuseum Earnewâld;</li> <li>3. mei hotel Oostergo (Grou;) en de Headammen</li> <li>4. mei rûnfeartbedriuw Princenhof;</li> <li>5. mei de Greidbuorkerij / Tiisboer yn Warten;</li> <li>6. Pleats 'Lyts Bûthús', foar skoallegroepen;</li> <li>7. mei 'De Pleats' yn Burgum (fytsrûte);</li> <li>8. 'Kracht en Pracht arranzjemint mei Kaasboerderij 'De Deelen' en Stoeterij 'Het Swaerte Paert';</li> <li>9. Gearwurkingsferbân 'Markant' N.O. Friesland.</li> </ol> <p><i>It museum is lid fan de Nederlandse Museumfederatie, de Fryske Museumfederaasje, de AFRON, de OMTV, HMT, Markant, de Boerderijenstichting en de VVV's Earnewâld en Aldegea.</i></p>
<p><b>Edukatyf</b> <b>2</b></p>	<p>De pr / edukaasje ZPZP meiwurker is fanwegen swangerskip nei maaie fuortgien. De pjutte- en beukerbelevingsrûte op it terrein: "het kalfjespad" wie yn 2015 wer iepen De museäle berne rûte "De Timeskaters" hat yn 2015 yn gebrûk west. De keppeling oan it 'Ferhaal fan Fryslân' /de kanon is ferwurke yn it 'Timeskaterprogramma'.</p> <p>It museum docht mei oan it projekt 'Boerderij vd Toekomst', mei de miljeufederaasje en it Van Hall ynstitút. Mei de NHL 3Dminor is in staazje projekt ú ein setten om de skiednis fan de pleatsebou yn byld te bringen</p>
<p><b>Frysk</b></p>	<p>It Frysk wurdt aktyf brûkt: it is de foarkar de fiertaal by telefoan en korrespondinsje. Alle teksten yn't museum binne twatalich en ek alle oare (ynteraktive media) yn de presintaasje binne mei in karmenu Frysk/Nederlânsk útfierd.</p>
<p><b>Freonenklup</b> <b>1</b></p>	<p>Foar de Freonenklup is in folder wer nedich ferspraat.</p>

## De kolleksjetaak

<b>Produkten</b>	
<b>Kolleksjeferwerving ± 100 foarwerpen</b>	<p>Der binne yn 2015 wer ferskate foarwerpen oanbean. (35 aanbieders mei plm. 100 saken)</p> <p>De direkteur en de behâldmeiwurker hawwe de nedige kilometers makke om it oanbod te besjen en yn guon gefallen oan te nimmen.</p>
<b>Behâld kolleksje; ± 4.000 foarwerpen</b>	<p>Troch it jier hinne is de kolleksje opslein en bewarre (plm. 6.000 fysike foarwerpen).</p> <p>De grutte foarwerpen binne yn 2014 stald yn in pleats yn Garyp, dy't troch de provinsje beskikber steld is. Dit fanwegen ôfbraak fan de pleats op de Werpsterhoeke.</p> <p>Fierders wurdt der safolle as kin mei kollega's oparbeide op it mêd fan kolleksjes (Provinsjaal Depot/ KSF).</p>
<b>Utlien 3 x</b>	<p>Elk jier wurde der saken útliend oan kollega musea of oaren.</p> <p>Dizze kear 3 útlienen.</p>
<b>Registraasje ± 100 boeken ± 1.000 foto's</b>	<p>Der binne sa'n 100 boeken beskreaun en ynfierd yn it registraasjesysteem Ad-lib. Fierders is in begjin makke mei de beskriuwing fan alle oare papiermateriaal yn hingmappen lykas folders. (noch 1.000 te gean)</p> <p>Fierders is trochgien mei it digitalisearjen fan de fotokolleksje (plm.1.000 foto's). Fan dy foto's binne no 12.000 beskreaun.</p> <p>De direkteur hat dizze wurksumheden begelaat.</p> <p>Yn 2015 is in begjin makke mei it online bringen fan de kolleksje: dit yn oparbeidzjen mei Tresoar en Fries Museum. Foarearst moatte der noch al wat technyske problemen oplost wurde. Yn 2016 sil dit fierder foarm krije.</p> <p>Fia Friesland Digitaal is mw H. De Leeuw tydlik oansteld om de de lêste fouten út de database te heljen en alles ta te rieden foar de it nije Kolleksjesintrum</p>
<b>Standplaatsregistraasje 4.000 foarwerpen 300 foto's</b>	<p>De definitive pleatsing fan foarwerpen nei de ferhuzing is klear en dermei dus de "standplaatsregistratie". Yn 2015 lei de fokus op de punten op de "i", m.o.w. ien en oar fierders neisjen en optimalisearje. Dit sil noch in pear jier trochgean.</p> <p>Fierder is trochgien mei it fotografearjen fan de foarwerpen. (300 stiks)</p> <p>De direkteur hat dizze wurksumheden begelaat.</p>
<b>Registraasje</b>	<p>Yn 2009 hat it museum it predikaat fan de museumregistraasje op 'e nij krigen.</p> <p>Yn 2012 hat in herijking plak fûn.</p> <p>Fanwegen boppesteande bliuwt dat aktueel.</p>
<b>Undersyk</b>	<p>Undersyk is benammen dien nei de ûntjouwing fan de lânboumeganisaasje.</p> <p>Mei Tresoar is in deal sluten oer it digitalisearjen en beskriuwen fan harren kolleksje foto's fan de Lânboufoarljochting. It digitalisearjen sels is yn 2013 klear kaam. Der wurdt noch folop wurke oan de beskriuwingen.</p> <p>Fierders is der folle ûndersyk dien nei de foarwerpen en foto's dy't yn Ad-lib beskreaun binne.</p>

<b>Publikaasjes</b> <b>4 x</b>	Yn 2015 is twa kear it eigen Magazyn "Mededeling en Berichten" útkaam. De trekkerkrante is al earder neamd.
<b>Lêzingen</b> <b>4 x</b>	<ol style="list-style-type: none"> <li>1. 29 maart y.g.m.. Fries Film Archief in filmmiddei oer de C.A.F.;</li> <li>2. 26 april Gjalt de Groot ut Holwert en Titus de Wolff fan Flansum, oer it aaisykjen en oare natoerferhalen;</li> <li>3. 17 maaie Hylke Speerstra en Gerrit Breteler: Feteranendei 'op klompen yn de dessa';</li> <li>4. 25 oktober Pieter Breuker "Yn de ban fan de Ijip". Oer it plak fan fûgel en aai in it Fryske libben;</li> <li>5. 27 septimber: Kees Koman: 'Boerenbloed' oer syn nije boek mei de selde titel.</li> </ol> <p>Yn oparbeidzjen mei de Fryske Akademy / lânboukundich wurkferbân binne trije lêzingen organisearre fan / oer ',</p> <ul style="list-style-type: none"> <li>• 9 jannewaris 2015 Kees van der Bos, "setterboer" neiby Holwert: "Setterbou no en yn de takomst"</li> <li>• Freed 20 maart Dr. Jan Arend Schulp Trends in natuur- en biologisch voedsel, wat kunnen we ermee</li> <li>• 20 nov Theunis de Boer en Lute Brouwer "Verschillen in de productie van melk en zuivel in de wereld en welke kansen zijn er voor de Nederlandse melkveehouderij en zuivel in de komende jaren"?</li> </ul>



## BATEN EN LASTEN

	realisatie	
<b>INKOMSTEN</b>	<b>2015</b>	
Subsidie Provincie Fryslan	€	186.343,00
<hr/>		
subtotaal		
Entreegelden	€	33.907,00
Winkel	€	328,00-
Diverse ontvangsten (projecten)		
<b>TOTAAL</b>	<b>€</b>	<b>219.922,00</b>

#VERW!

## UITGAVEN

PERSONEELSKOSTEN	€	101.791,00
HUISVESTING	€	68.554,00
COLLECTIEKOSTEN	€	7.239,00
KANTOORKOSTEN	€	24.547,00
PUBLIEK	€	19.721,00
<b>TOTAAL</b>	<b>€</b>	<b>221.852,00</b>
<hr/>		
<b>Saldo</b>	<b>€</b>	<b>1.930-</b>